

De Mûnder fan de Himpenserpoldermole

Op noch gjin 1,5 kilometer benoarden Wergea leit in natoergebiet dêr't guon ynweners fan ús doarp gjin weet fan ha. Oan't begjin juny fan dit jier hearde ik ek ta dizze kategory minsken. Mar dat waard hurd oars doe't Lolke E. van der Meer my in dei meinaam nei 'syn' mole oan 'e râne fan de Himpensermar dy't yn 1783 droechlein waard. De mei reit bedutsen muontsmole sels datearret fan 1863 en waard boud foar de bemealling fan de Himpensermarpolder. De mole stiet oan de noardkant fan de eartiidske Himpensermar en mealt it polderwetter omheech nei in brede ringfeart dy ferbûn is mei de Wergeasterfeart. Yn 1955 rekke hy dizze funksje kwyt en bea it polderbestjoer de mole 'op afbraak' te keap oan. Dizze hannelwize wie lykwols yn striid mei de moleferoarding en de provinsje Fryslân joech hjirfoar dan ek gjin tastimming. Yn 1959 waard de mole foar 2 gûne oan de Gemeente Idaarderadeel ferkocht, op betingst, dat de dieselmotor net ferwidere wurde soe. Dochs waard dizze yn 1986 ferfongen troch in elektromotor, wêrmei noch hieltyd yn kombinaasje meald wurde kin. De hjoeddeiske Himpensermarpolder hat in oerflakte fan sa'n 90 ha en is eigendom fan Staatsbosbeheer. De polder is in fûgelreservaat en jildt as ien fan de rykste weidefûgelgebieten yn Nederlân. Elts jier briede hjir ûnder oaren de ljip, de skriis, de strânljip, de tjirk, de wettersnip en ferskate eiesoarten. En se kinne hjir omraak oan de kost komme, it wetterpeil stiet heech en dat soarget der foar dat der genôch fretten is foar it fûgelguod. Yn eardere tiden lei dit gebiet der net sa leaflik en fredich by as hjoed de dei. Oepke Santema(1904-1979), amtner en geakundige, helle hjirta J.Reitsma oan dy't yn 1876 yn syn skiednis oer de 'Hervorming yn Fryslân' skreau: 'De Mar as strafplak. De kronieken witte net folle fan de Mar te fertellen. As de namme al foarkomt hâldt it ferbân mei de slotakte fan it Anabaptistedrama(Wederdopers) yn 1535. Santich froulju en fammen wiene te Aldekleaster(by Hartwert) oppakt en yn 'e april dagen foar it gerjocht brocht. Yn in wike tiid binne 46 froulju ta de dea feroardield en hiel koart dêrnei yn 'e grêft efter it Blokhûs te Ljouwert, en foar it grutste part yn 'e Himpensermar, ferdronken. Yn sekken bûn, lykas wiene it katten. Men hat de liken letter opfiske en yn ien kûle by elkoar begroeven'. De hear C. van der Molen, ûnderwizer te Himpens, skriuwt yn 1858 oer syn doarp en it oanlizzende Tears. Hy praat oer de Mar as.....'berucht in de Friese Geschiedenis als strafplaats. Immers, oude oorkonden vertellen ons, dat in de tijden der binnenlandse onlusten tussen Schieringers en Vetkopers, de gevangenen van weerskanten werden afgemaakt en veelal in de Himpensermeer rug aan rug werden verdronken'. De huvers geane jo oer de lea as jo dit lêze en dêrom geane wy mar gau werom nei de tiid fan hjoed. Lolke van der Meer swaait de skepter yn en rûnom de mole, yn kombinaasje mei Stef Mensinga út Ljouwert. Hy hat it der bannich mei. It is altyd wer oars, sa ek dizze dei. At wy de mole ynstappe komt ús in frjemd, piipjend lûd yn 'e mjitte. 'Dat komt fan it Wetterskip Fryslân', seit Lolke, 'ik sil se fuort efkes skilje hoe wy hjir mei oanmoatte'. Yn 'e rin fan de middei komme 2 mannen del om it mankemint te ferhelpen en noch in pypfol te praten. Se binne net de iennichsten dy deis. Want wa tinke mocht dat Lolke dêr syn dagen, lykas in muonts, yn folsleine iensumens slyt hat it by it ferkearde ein. Moarns wurde wy al opwachte troch Wergeaster Sjouke Rijpstra dy't op in bank by de mole sit te sintsjen en ús in noflikke dei tawinsket. Ek Jan Sipkes de Boer, âld-Wergeaster, wyt de mole sa tsjin kofjedriverkerstiid wol te finen. Hy is oan it alarm-tellen yn it reservaat en nimt no efkes lins yn 'e ljite fan de mole. Dan skillet Kees de Boer út Akkrum/Nes, siktaris fan 'Monumentenstichting Boarnsterhim'. Of hy ta in praatsje efkes lâns komme kin. Fansels, seit Lolke, wat mear sielen, wat mear freugde. De Boer is in ûnderhâldend prater, dat komt ek om't wy dêr noflik sitte kinne oan de sinnekant fan de mole. Mar wiene wy dêr einliks wol kommen om te sintsjen en te praten? No nee. De bedoeling wie dat Lolke syn gast oan de hân fan de draaiende mole fertelle soe hoe fernimstich it rêdwurk wol net yn elkoar sit. Mar dêr ha jo in tichte wyn foar nedich. De hiele maaitiid ha wy ôfjûn op dy ferrekte, kâlde, hurde wyn út it noard-easten en lit der no krekt op dizze dei hielendal gjin wyn wêze. De natoer bliuwt baas en sa heart it ek. Mar ek de teory is Lolke mear as treast. Op dúdlike, saakkundige wize leit hy út hoe 't ien en oar wurket en noeget hy syn gast út in ferdjipping heger te gean. Mar dizze sjocht dêr tsjin oan as in dief tsjin it hingjen, hy moat dêrta in smelle, steile ljedder op, en betanket foar de eare. Lolke wurdt der net oars om. Hy ferfettet syn útlis op in wize dat sels de grutste leek, en dêr heart syn gast ek by, ynsicht yn de matearje krijt. Is it in wûnder dat gâns skoalklassen hjir graach ta in ekskurzje komme? Lolke is net allinne mûnder, mar ek einekoerflechter, greidefûgelbeskermer en nêstteller. En op it ein fan 'e dei lit hy him ek noch kinne as EHBO-er. Mar dat falt buten de opset fan dit ferhaal.....

Wiebe Sinnema

Mei tank oan: Monumentenstichting Boarnsterhim